

**Bijlage VMBO-GL en TL**

**2025**

tijdvak 1

**Fries CSE GL en TL**

Tekstboekje

## Tekst 1

### De Alvestêdetocht: in musical of in tocht?

Net klimaatferoaring, mar massahystery is de grutste bedriving foar de Alvestêdetocht. Inisjativen as musical *De Tocht* moatte ek it sobere ferhaal fertelle kinne.

(1) *Elfstedentocht gaat door! Festijn of fiasco* is de titel fan it boek dat de Ljouwerter publisist Fenno Schoustra skreau yn 1982. Yn dat jier wie it  
5 hast tweintich jier lyn dat der in Alvestêdetocht holden waard (1963). Troch de miljeufersmoarging en mylde winters leauden in soad minsken net mear dat der ea wer in  
10 Alvestêdetocht holden wurde kinne soe. Nettsjinsteande it ûntbrekken fan alvestêdewinters wie de belangstelling foar de Alvestêdetocht grif net minder. En dat lêste joech  
15 Fenno Schoustra grutte soargen: in Alvestêdetocht soe in gigantysk festival wurde, of in ferskriklik fiasko.  
(2) Doe't trije jier letter op moandeitejûn 18 febrewaris 1985  
20 Alvestêdetochtfoarsitter Jan Sipkema yn it NOS-nijs "It sil heve" útspruts, moat Schoustra de azem ynholden hawwe. De Alvestêdetocht fan 1985 wie in grut sukses. Al hie it  
25 allegear hiel oars útpakke kind troch it teiwaar op de dei fan de Alvestêdetocht. Wy hawwe dy dei Fryslân op syn bêst sjoen, in moaie Alvestêdetocht mei in wedstriid- en  
30 toertocht. Hiel Nederlân koe de hiele dei live tsjûge wêze fan in spontaan folksfeest fol sportiviteit en mienskip. Yn 1985 wie der noch in frije aanmelding foar dielnimmen aan de  
35 tocht en wie der gjin sprake fan iepenbiere waansin. De folgjende tochten, yn 1986 en 1987, wiene oars.

(3) De Alvestêdetocht wie net mear  
40 allinnich in reedrydtocht. De tradysje dy't oan 'e ein fan de njoggentjinde iuw ûntstie en generaasjes (fitte) jonge Friezen útdage om by goede waarsomstannichheden troch de  
45 alve stêden te ride, hat yn 'e rin fan de iuwen in protte oare eleminten krigen. De Alvestêdetocht waard in organisearre barren, in Frysk eksportprodukt, in pylgertocht troch alve  
50 stêden, in hillich ritueel dêr't gefoel en eare wichtiger yn waarden as ferstân. Nei de Alvestêdetocht yn 1985 waarden toerriders op grutte skaal huldige troch gemeenten en  
55 iisklups troch it hiele lân foar it finishen fan de tocht. Foar it finishen fan de tocht jilden folslein oare wetten as foar it ôfmeitsjen fan bygelyks de Fjouwerdagerintocht fan  
60 Nijmegen. In Alvestêdekrúske wie wat om troch karakterisearre te wurden, mei eare en fitaliteit. Foar guon waard it sels in relikwij foar it neiteam.  
65 (4) Evert van Benthem wie yn de simmer fan 1985 ferbjustere doe't er busladingen mei toeristen by syn pleats yn Sint Jansklooster lânskommen seach, allinnich mar om de  
70 winner fan de Alvestêdetocht te sjen. Doe folge it alvestêdemouniment *It sil heve* yn 2001, de erkenning fan it Alvestêdetochtkrúske as draachtteken<sup>1)</sup> yn 2012 en de spylfilm *De Hel van '63* yn 2013, dêr't feit en fiksje trochinoar hinne spilen. Dit jier

komt *De Tocht* dêrby, in musical oer de Alvestêdetocht.

(5) Wy hawwe no 26 jier wachte op 80 de sechstjinde Alvestêdetocht. De winsk foar in Alvestêdetocht is grutter wurden as de realiteit miskien wiermitsje kin. Net allinnich is de kâns op in folgjende Alvestêdetocht 85 lyts, it is ek de fraach oft it barren noch organisearre wurde kin troch alle gekte dy't om de Alvestêdetocht hinne ûntstien is. Net klimaatferoaring, mar massahystery is de grutste 90 bedriging foar de Alvestêdetocht. Minsken dogge gekke dingen as it giet om de Alvestêdetocht.

(6) *Elfstedentocht gaat door! Festijn of fiasco* fan Schoustra is wer 95 aktueel. De musical *De Tocht*, hoe

goed oft it ek bedoeld is, en oare alvestêde-inisjativen moatte rekken hâlde mei de dilemma's en ek it sobere ferhaal oer de Alvestêdetocht 100 fertelle kinne. De Alvestêdetocht is in prachtich sportevenemint, in hurde reedrydtocht fan 200 kilometer, neat mear en neat minder. In tocht dêr't men yn topfoarm foar wêze moat om 105 mei te dwaan, mar dêr't ek de tiid fan komt om jins startkaart beskikber te stellen foar de jeugd as de jierren begjinne te tellen. Ek as it om de Alvestêdetocht giet, soe it sûne 110 ferstân oerwinne moatte, yn stee fan fage romantyske bedoelingen. Sa't Anneke Douma it al song: 'ast it net hellest hindert neat!'

Mark Hilberts, Leeuwarder Courant, 23 februari 2023

noot 1 Sûnt 2012 is it Alvestêdetochtkrûske in offisjele Nederlânske ûnderskieding en meie minsken dy't de tocht útriden hawwe dat krûske aan in lintsje drage.

## Tekst 2

### It swartbûnte Fryske fee

Fryslân en melkkij binne suver ien. It melkfee hat de lêste fiif desennia al in yngripende feroaring trochmakke. De kij dy't tsjintwurdich yn it Fryske lânskip weidzje, sjogge der hiel oars út as de kij fan fyftich jier lyn. It Frysk stamboekfee fan doe wie lytser, wrâldferneamd en hie wat mear fleis op 'e bonken. De lêste jierren makket de âlde Frysk-Hollânske ko in foarsichtige comeback.

(1) Grutsk wiene de Fryske boeren yn de jierren fyftich op harren swartbûnt fee. Sterk, sûn, stevich op 'e poaten en mei de molkeproduksje 5 siet it ek wol goed. De hiele wrâld seach op tsjin de swartbûnte kij út Fryslân. It waard snoen as it bêste dat der op de ierde omrûn. Bisten dy't opnommen wiene yn it Fries

10 Rundvee Stamboek brochten wrâldwiid flink jild op. Fee dat yn it stamboek opnommen wie, wie foar de bûtenlânske keapers it bewiis dat sy te krijen hiene mei in rassuver bist. 15 (2) Nei de Twadde Wrâldoorloch berikte de populariteit fan de Fryske ko syn hichtepunt. Tûzenen leafhawwers út binnen- en bûtenlân

kamen ien kear yn de fiif jier by de  
20 jubileumkeuringen fan it stamboek.  
Under grutte belangstelling waarden  
de stamboekkij fan de melkfeehâlders  
troch eksperts beoardiele, mei  
as hichtepunt de bollekeuring. De  
25 hannelers gobberen op de Fryske  
topbollen mei nammen lykas:  
'Blitsaerd Keimpe', 'Aagjes Adema',  
'Súdhoekster Piet Eduard' of  
'Bûtenmoark Juwiel'. Dat wiene de  
30 kampioenen fan doe dy't somtiden  
tonnen opbrochten.

**(3)** Om mei te dwaan mei de keuringen moasten de bisten yn it stamboek opnommen wurde. De keuring  
35 bestie út in puntesysteem dêr't it  
uterlik fan de ko swier by meitelde.  
In swart plak op 'e skonken ûnder  
de hakke of foarknibbel, grutter as  
in muntstik lykas in ryksdaalder<sup>1)</sup>,  
40 wie ferbean. Dat soe in skaaimerk  
wêze fan in ras dat net suver wêze  
soe, as gefolch fan eardere krusingen  
mei oare rassen. In ko mei in  
flekje te folle foel bûten de boat en  
45 waard net opnommen yn it stamboek,  
ek al wie it fierder in prima  
produksjebist.

**(4)** Der kaam hieltyd mear krityk op  
it fokbelied fan it Fryske stamboek.  
50 Wie de Fryske ko wol sa goed as de  
hearen fan it Fryske stamboek ús  
leauwe litte woene en die it bûtenlân  
it wol sa min as wy tochten? Ferskate  
55 ûndersiken kamen mei deselde  
konklúzje: de Fryske fokkerij fan it  
swartbûnte fee wie op de ferkearde  
wei en de soarchfâldich opboude  
goede namme fan it Fryske fee stie  
ûnder grutte druk.

60 **(5)** Yn de santiger jierren begûnen  
ús buorlannen 'Amerikanen' te ymportearjen. Notabene neiteam fan  
Fryske fee dat om-ende-by 1900 nei  
de Feriene Steaten eksportearre  
65 wie. Yn it fiere Amearika hiene se  
net stilsitten en hiene se bisten

selektearre poer op de molkeproduksje. It waard gau dûdlik dat de Amerikaanske Holstein Friesians  
70 mear molke joegen as it Fryske stamboekfee. De Fryske boeren hiene it oer 'bonkerakken', 'kuierjende kapstokken' of oer 'út de kluoten woeksens geiten' as men it oer  
75 de Holsteiners hie. Dochs gie de iene nei de oare oerstaach en krûsten melkfeehâlders harren favorite Fryske kij mei de Holsteiners. Op dy wize waard de efterstân op molkjefte gau ynhelle, mei as gefolch dat it âlde type Fryske stamboekfee fan de Fryske greiden ferdwûn. De swartbûnte Fryske ko, dy't lange tiid  
80 de helte fan de Nederlânske feesapel útmakke, waard yn koarte tiid in bedrige en seldsum koweras.  
**(6)** Gelokkich binne der guon dy't fêsthouden hawwe aan de âlde bloedlinen fan de Fryske kij en de  
90 lêste jierren makket de âlde Frysk-Hollânske ko in foarsichtige comeback. Wypkje van Dam en Sytze Faber út Wyns hawwe nea oerwoegen om oer te stappen op de  
95 Holsteiners. Net omdat se Holsteiners ôfwize, mar omdat de Fryske kij gewoanwei better by harren bedriuwsfiering passe. Wypkje: "Us heit komt út Sûd-Hollân en hat yn  
100 syn staazje by ferskate Fryske boeren ús mem kennen leard. De suster fan ús beppe wie trouw mei Sjoerd Brandsma fan Lekkum. De man fan de Biltsaerd-stâl mei de  
105 ferneamde bolle Biltsaerd Keimpe. Troch op de bedriuwen fan beide sweagers de jonge bollen te brûken, waard de fokkerij ferbettere. Net sa  
gek dat de Biltsaerds de sintrale line  
110 foarmje yn ús melkfeehâlderij."

**(7)** Yn de tachtiger jierren fan de foarige iuw is it bedriuw net meigien mei de saneamde Holsteinisearring. "Wy kenne ús kowefamyljes fan

115 hjouwer oant grôt en dy eigenskippen woene wy net kwytreitsje troch ús Frysk-Hollânske kij te krusen mei Holsteiners. Wy fokke mei in oantal eigen bollen út ferskate famyljes. Sa  
120 hâlde wy eventuele yntylproblemen bûten de doar. It ferskaat en dêrmei it fuortbestean fan it alâlde en romrofste Frysk-Hollânske ras is dêrmei foar de takomst feilich steld.”  
125 **(8)** Yn 2020 hat de Stichting Zeldzame Huisdierrassen (SZH) it Frysk-Hollânske ras útroppen ta it ‘Ras fan it jier’. Sytse Faber fynt dat er as hjoeddeiske melkfeehâlder  
130 him goed rôde kin mei it ras: “Us Frysk-Hollânske kij dogge it prima op gers. Se hawwe relatyf net folle krêftfoer nedich. Us kij jouwe al wat minder molke as de Holsteiners,  
135 mar men hâldt wer wat mear fleis oer. Wy hawwe neat tsjin de Holsteiners, elk syn ding. De ko moat by de boer passe en foar ús is dat it Frysk-Hollânske koweras.”



### Rasbeskriuwing

De Frysk-Hollânske ko hat swart-wite plakken. De oergongen fan it swart nei it wyt binne skerp. De moaiste bisten hawwe in wite bles of kol. De poaten binne wyt sûnder zwarte plakken. De dûbelddoel ko (fleisko en molkko) hat in skouderhichte fan likernôch 135 sintimeter en in kompakte útstrieling.

*Jan Smit, Friesland Post, mei 2022*

noot 1 De ryksdaalder is in grutte munt dy’t brûkt waard oant de ynflating fan de euro yn 2002, mei in waarde fan twaenheale gûne, omrekkene likernôch ien euro.

## Tekst 3

### Op 'en nij berne Tet Rozendal spilet Axomama

Dea en begroeven, dat wie har karrière op de planken. Tet Rozendal hie der resolút in punt efter set. Wer better te wurden nei in yngripende fal stie foar har op it earste plak. Dat it libben nuver rinne kin, hoegde nimmen har mear te fertelen. No ek net, mar seis jier nei de fal dy't har libben feroare, is se werom yn de skynwerpers. As Axomama, de Goadin fan 'e Ierappel, strielet se yn 'e haadrol yn it teaterstik mei deselde namme dat yn 'e *Bildtse Aardappelweken* opfierd wurdt.

(1) "Oh, ik bin in echte ierappeliter, hear! Patat, bakte ierappels, seane, stampotten, hearlik. En ik meitsje graach sop mei ierappels. Dat sit wol goed!" Tet Rozendal is entûsjast. As ik mei har praat, is se krekt werom út New York en sit se wer thús, yn Menaam. "Ik bin krektlyn 40 wurden. Myn freon Ruud hie der alris west foar it wark en soe my altyd nochris meinimme, as ik it wer oan koe. Ik fielde my wer goed, dus hawwe wy foar myn jierdei nei New York ta west. Al dy prikels... Ik hie de ear-doppen en de sinnebril al mei... Mar it gong goed! It wie ek om te 'toetsen': wêr stean ik no? Ik haw in skofke yn Londen wenne en tocht dat it lykas dêr wêze soe, mar New York is dochs echt wat oars. 'The city that never sleeps', yndied! Mar ik koe it oan."

(2) As men New York oankin, dan moat it Bilt ek slagje. Seker ien dy't, sa't se sels seit, 'safolle mooglik yn it no' libbet. Dat motto kin somtiden slydsk oerkomme, mar it is it bewûnderjen wurdich hoe't Rozendal (1983) der neffens libbet. Want se moast fan fier komme. Nei it ûngelok yn 2017 – troch in fal op 'e efterholle rûn se in harsentrauma op en koe se neat mear ferneare, gjin ljocht, gjin lûd, "sels net it sykheljen fan myn

35 freon" – wie se foaral dwaande mei better wurden. Har karrière as aktrise en sjongeres like foarby. "Dêr hie ik echt ôfskied fan nommen. Dat haw ik echt as dreech belibbe, en dat ek 40 akseptearre. It poadium, dat siet der foar my net mear yn."

(3) Se begûn in oplieding kraniosakralterapy<sup>1)</sup>, eat dêr't se sels noch altyd in soad baat by hat. Ak-tearje, lykas de persoan Mata Hari<sup>2)</sup> dy't se ea mei ferve delsette, wie se noch lang net oan ta. Mar se begûn har better te fielen. En hoewol't se it sels net opsocht, waard se ynienen 50 hifke foar de haadrol yn it teaterstik *Axomama*. "Hein Jaap Hilarides ken ik noch fan de *Bildtse Aardappelweken* yn 2012, en regisseur Theo Smedes ken ik echt al hiel lang.

55 Fertroude minsken, en ik fyn it Bilt fantastysk, ik wenje der neist. Ik wie wol echt ferrast troch it fersyk. Ik woe wer ûnder de minsken wêze, it gong better, mar ik miste it sosjale.

60 En doe wie it letterlik" – docht doarbel nei – "ding dong, wolst yn it stik spylje? Ik wist it daliks: dit moat wêze. Sa'n beslút nim ik út it hert."

(4) Yn april, koart nei de oankündiging fan it stik, melde se op sosjale media grutsk: "Ik slach *De Nije Bildtse Post* iepen en sjoch myn eigen namme stean. As aktrise by de

foarstelling.” De oanrin nei de prem-  
70 jêre is ien grut hichtepunt, seit se. “Ik  
bin noch net dwaande mei hoe’t it  
aanst wêze sil, op de planken. It giet  
om it no. Ik bin hiel oanwêzich mei it  
oefenjen fan de tekst, ik sûgje alles  
75 op, en wy hawwe och sa’n wille mei-  
inoar. Ik genietsje fan elk momint. Ik  
moat foaral in ôfgryslik soad laitsje,  
sa’n protte wille hawwe wy mei de  
repetysjes. Earlik sein: ik hie it stik  
80 ek net lêzen doe’t ik ja sei. Wat  
moais mei-inhaar meitsje, dat wie it  
wichtichste foar my.”

(5) Rozendal spilet Axomama, de  
Goadin fan ’e lerappel. “Hoe om-  
85 skreau ik it lêsten ek mar wer? Oh  
ja. *Axomama*: in boartlike, mearke-  
eftige foarstelling mei humor en  
muzyk; de romte fan It Bilt jout it  
publyk romte foar fantasy! Axomama

90 wrakselet mei har gefoelens. Sy fielt  
har ek minske, wylst se in godlik  
wêzen is. Theo Smedes is in hiel  
moai minske, hy lit my vrij om it yn te  
foljen sa’t ik it dwaan wol. It moaie  
95 oan Axomama binne al har lagen  
dy’t ik spyljendewei útbyldzje kin: de  
iene kear is se in âld bepke, de oare  
kear in stoere, seksy vrou. Gjinien is  
allinnich swart of wyt, in goadin  
100 likemin.”

(6) Rozendal realisearret har no dat  
se riker út har tsjinslach kommen is  
as se tocht. “Ik tocht dat ik nei it  
ûngemak alles ferlern hie, dat ik wat  
105 kwyt rekke wie. Mar dat is net sa. Ik  
haw neat ferleard, ik haw der krekt  
mear ûnderfining by kriegen.” Se fielt  
gjin druk, ek net fan harsels, oer de  
oansteande rige opfieringen.

*De Nije Bildtse Post, 14 juni  
2023*

noot 1 Kraniosakraal-terapy is in alternative behanneling dêr’t fia sêfte oanrekking in berop by  
dien wurdt op it fermogen fan it lichem om himsels wer better te meitsjen.

noot 2 Mata Hari (1876-1917), wie in Fryske eksoatyske dûnseres. Yn de Earste  
Wrâldoorloch waard se fan spionaazje beskuldige en eksekuteарre.

*De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.*

*Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.*